

Oarder fan tsjinst foar de betinking en by it te hôf bringen fan

Teatske Schakel

☆ Westhim, 10 oktober 1946

† Aldegea SWE, 18 april 2026

op freed 24 april 2026
om 14.00 oere yn de Ankertsjerke te Aldegea

Foargonger: ds. E. K. Zwerver
Oargelist: dhr. A. de Vries



WOLKOM EN YNLIEDEND WURD

BEMOEDIGING EN GROET

OANSTEKKEN FAN IN BETINKINGSKEARS

SJONGE: "Hear, bliuw my nei"

Hear, bliuw my nei by 't fallen fan 'e jûn,
it lêste ljocht is oer de kime rûn.
Ik haw gjin help en alle treast wurdt wei
wês Jo myn Helper, Hear, o bliuw my nei.

Us libben wiks'let rêd as eb en floed,
de wrâld mei al syn glâns fergiet foargoed.
Feroaring en ferfal bringt elke dei,
mar Jo dy 't net feroarje, bliuw my nei.

GEBED

SJONGE: *Psalm 103: 5, 6 en 7*



5 Sa't ster-ke han-nen fan in heit al-lin - ne
syn ei-gen bern yn leaf-de dra-ge kin-ne,
sa tilt Hy ús troch wâld en wyl-der-nis.
Ut stof fan de jer-de hat de Hea-re ús mak-ke.
Syn soar-gen gean oer 't lyt-se en it swak-ke,
want Hy be-tinkt, hoe tear ús lib-ben is.

6. Wy gean as gers en as de blommen hinne,
gau sil in kâlde wyn oer de_ikker rinne –
in koarte bloei, dy't koarte wille wie.
De blom ferwurdt, ferwylge binn' de blêden,
syn bloeisel wynderet oer de toarre seadde
en nimmen wit it plak noch dêr't er stie.

7. Mar alle minsken dy't syn namme kenne,
hja wurde_aloan mei syn genede leanne.
Har rjocht hâldt Hy oerein yn ivichheid.
Syn heil giet de_iuwen oer troch alle stagen
dy't syn ferbûn bewarje_en fierder drage,
dy't hearre_en dogge wat syn mûle seit.

OER TANTE TEATSKE

GEDICHT: "De Brug"

*Breng jij me weg tot aan de brug.
Ik ben niet bang om daar alleen te staan.
Als we daar zijn, ga niet direct terug,
maar wacht..., totdat ik overga en zwaai me na.
Dan voel ik mij heel veilig en vertrouwd.
Breng jij me weg tot aan de brug.
Ik heb geen idee, hoe diep het water is.
De overkant komt steeds dichterbij.
Door het licht is de oever hier niet te zien.
Zover het oog reikt, zie ik de zon.
Ik twijfel niet aan verder gaan.
Je angst voor de dood
is je angst voor het leven.
Het nieuwe lijkt te groot
om het oude op te geven.
In de diepte van je verlangen
ligt de kennis van het nieuwe leven.
Zoals een vogel al weet van vliegen
in zijn veilige nest.
Breng jij me weg tot aan de brug.
en ga dan niet te vlug terug.
Zwaai jij me na als ik erover ga.
Een heel klein duwtje in mijn rug
is alles wat ik nog verlang van jou.
Dank voor je liefde en je trouw.
Ik ga nu gauw,
want het begin is reeds in zicht.
Ik voel de warmte van het Licht."*

SONGE: Liet 753: 1 en 2

Der is in lân fan klare ljocht
mei hil'gen oan 't regear.
Dêr hat gjin dei oait tsjuster brocht
en wit gjin hert fan sear.

Dêr klinkt aloan in maitiidsliet,
yn bloei stiet elke plant.
Neat as de smelle deadssee skiedt
ús fan de oare kant.

SKRIFTLÊZING: *Mattéus 6: 25-29*

Dêrom sis Ik jimme: Sit net yn noed oer kost en klean, oft der iten is en oft der wol klean binne om oan te dwaan. It libben is dochs mear as iten en it lichem mear as de klean? Sjoch ris nei de fûgels yn 'e loft. Dy siedzje net, dy rispje net, dy slagge net op yn skuorren. Nee, jimme himelske Heit sels fuorret se. En hoe'n ein steane jimme net boppe fûgels? Wa fan jimme kin mei noed te hawwen syn libben ek mar in stikje langer meitsje? En wêrom yn noed te sitten oer de klean? Sjoch ris nei de leeljes hoe't dy waakse. Se arbeidzje net, se spinne net, mar Ik sis jimme: Sels Salomo yn al syn pracht wie net sa moai yn 'e klean as ien fan harren.

WY LÚSTERJE NEI: *"Sit net yn noed" fan Fedde Schurer*
Songen troch sjonggroep de Dobber

*Sit net yn noed, wat sill'wy ite of drinke
hoe komt it mei de hier en mei de klean?
Jim moatte net te folle yn `t foar betinke
hâld it mar op in soargeleas bestean.
In libben fol fan kramp en takomstnoeden
kin him dochs nea yn folle fleur ûntjaan
dy bangens komt it lichem net te `n goede
it moat in minske skea en ôfbrek dwaan.
Kom, `t hat gjin doel al yn it foar te kriteren
mei soarchlik stinnen komt men ek net klear.
It libben is fan mear belang as `t iten
en klean is moai, mar `t lichem sels is mear.
De fûgels wrotte har de lea net stikken
en wa fan jimme hat sa'n fleurich lot?
hja fine altyd wol wat om te pikken
en ite tankber út de hân fan God.*

*De pinksterblommen bloeie er samar hinne
hja skrippe net en ha gjin swierrichheit
en siz no sels oft hja moaier binne
as Salomo yn al syn hearlikheit?
Tiis net oer dingen dy't noch stean te kommen
en oer de dei fan moarn, dy `t nimmen ken;
God soarget foar de fûgels en de blommen
en soe er noch net nei jimme sjen?*

Jim moatte net jimmer yn è soargen sitte
 net altyd freegje; wer giet dit op ta?
 Sa dogge heidens dy `t net better witte-
 De Hear sjocht wier wol wat jim nedich ha.
 Dus jimme, sykje `t earst fan alle dingen
 Gods keninkryk en syn gerjochtichheit-
 om al it oare hoeg`jim net te twingen
 dat wurdt der jim op tajûn fan jimme heit.
 De frees foar moarn ûntnimt jim hjoed de frede
 en `t jowt jim neat, jim klachten binne om doch;
 lear libjen by de dei op Gods genede
 en moarn fan `t selde; ien dei is krekt genôch.

SKRIFTLÊZING: Lukas 10: 38-42

Op har reis kaam Jezus ris yn in doarp. In frou dy't Marta hiet, ûntfong Him yn
 har hûs. Dy Marta hie in suster, Maria, en dy gong oan 'e fuotten fan Jezus sitten
 en harke nei syn wurden. Marta lykwols moast iderkear hinne en wer, om't se
 in soad te berêden hie. Dochs joech se har der even by en sei: Hear, kinne Jo
 it goedkrije, dat myn suster it betsjinjen allinne foar my opkomme lit? Sis har
 dochs, dat se mei oanpakt. Mar Jezus antwurde har: Marta, Marta, oer in bulte
 dingen sitte jo yn soarch en noed. It giet lykwols mar om ien ding. Maria hat it
 bêste part keazen. Dat sil har net ôfnommen wurde.

SJONGE: "De God fan leafde"

1 Sjoch nei de fû - gels, sjoch nei de blom - men,
 God tinkt oan bei - de, Hy hat se leaf.
refrein
 Lit wit - te al - le - gear, de God fan leaf - de
 wol min - sken hel - pe, ek dy en my.

2. Mear as fan fûgels haldt Hy fan minsken,
 mear noch as blommen hat Hy dy leaf.

refrein

3. Al hast ek soargen, al fielist dy iensum,
 liket it tsjuster, God bliuwt by dy.

refrein

4. Wy sille krije, wat God ús sein hat,
 foar eltsenien leafde en frede yn't hert.

refrein

OERTINKING

WY LÚSTERJE NEI: "Zo zal het zijn" fan Rob de Nijs

*Doof nu het licht en sluit je ogen en vergeet de strijd
Jouw leven hier is omgevlogen, maar je liefde blijft
Maar waar jij gaat, zijn zon en maan gelijk
De kleinste bloem is daar als de hoogste eik
En alle koningen en kinderen zijn daar gelijk
En alle koningen en kinderen zijn daar gelijk
Laat nu die laatste droom maar komen
En wees niet meer bang
Jouw nacht van vrede is gekomen
Na een leven lang
En waar jij gaat daar is geen haat of pijn
Het heetste vuur wordt dat als van een kaars zo klein
Zoals de zon schijnt na de regen
Zo zal het zijn
En waar jij gaat daar is geen haat of pijn
Het heetste vuur wordt dat als van een kaars zo klein
Zoals de zon schijnt na de regen
Zo zal het zijn*

*En waar jij gaat daar zullen vriend en vijand samengaan
Wat stof is zal tot stof vergaan
En elke storm komt weer tot rust daar
Zo zal het gaan
En waar jij gaat, laat ik mijn hart en ziel met jou meegaan
Jouw taak op aarde is voldaan
Zoals je was in alle liefde
Zo zal je gaan*

TANKSIZZING EN FOARBEA

SJONGE: "God fan fier en hein ús Heit"

God fan fier en hein ús Heit, dat wy hilligje jo namme,
Ûnder ús sa faak ûntwijd, troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet lit jo ryk op ierde komme.
byn jo wil ús op it hert en wy sykhelje feromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear, al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht, lied ús net yn blyn begearen.
binne wy yn duvels macht, Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús heit, wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid, oant yn alle tiden. Amen.

UTLIEDING EN SEINE

BY IT UDRAGEN LÚSTERJE WY NEI: "Nearer my God to thee" arr. André Rieu

*Dichter bij U mijn God,
dichter bij U
Daar komt mijn hart tot rust,
Dichter bij U*

*Daar heeft mijn hart het goed
Vrede in overvloed
Dichter bij U mijn God,
dichter bij U*

OP IT HÔF

No't it libben fan Teatske Schakel ta in ein kommen is,
betrouwe wy har ta oan God, ús Heit,
by Wa't de boarne fan libben en ljocht is.

Hjir op dizze hôf lizze wy har lichem yn de ierde,
lerde ta ierde, stof ta stof.
Dizze minske hawwe wy fan God ûntfongen,
Dizze minske jouwe wy oan God werom
yn it betrouwen op Jezus ús Hear dy't sein hat:
Dy't yn my leaut sil libje, ek al is er stoarn.

**Ús Heit yn 'e himel
lit Jo Namme hillige wurden,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde op ierde
likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea,
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn ha.
En lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want Jowes is it keninkryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen**